



Privacyferklearring 'Krite Grou' te Grou

Dit is de privacyferklearring fan 'Krite Grou' te Grou, ynskreaun yn it Hannelsregister by de Keamer fan Keaphannel ûnder nûmer 40002749.

Dizze privacyferklearring slacht op de gegevensferwurking fan de leden fan 'Krite Grou'.

Krite Grou respektarret de privacy fan alle leden en ek fan de brûkers fan ús webside en sosjale media.

Wy steane der noed foar dat de persoanlike ynformaasje dy't jo ús jouwe, fertroulik behannele wurdt. Dizze privacyferklearring is allinnich fan tapassing op tsjinsten fan Krite Grou.

Gebrûk fan ús tsjinsten

Wannear't jo jo oanmelde as lid fan Krite Grou, freegje wy jo om persoansgegevens te jaan. Dy gegevens wurde opslein yn ús lede-administraasje en allinnich brûkt foar ús lede-administraasje en foar de ferwurking fan de automatyske ynkasso.

Jo persoansgegevens wurde allinnich brûkt troch Krite Grou.

Wy jouwe jo persoansgegevens net oan treden sûnder jo tastimming, of it moat wêze dat wy dêrta ferplichte binne op basis fan de wet of in rjochterlike útspraak, of as dat needsaaklik is foar it útfieren fan in oerienkomst tusken jo en Krite Grou.

Jo hawwe altyd de mooglikheid om jo persoansgegevens yn te sjen, te feroarjen of te ferwiderjen. Yn dat gefal kinne jo kontakt mei ús opnimme fia: lid@kritegrou.nl

As jo op watfoar momint dan ek gjin priis mear stelle op it ûntfangen fan ynformaasje mei de mail dan kinne jo jo dêrfoar ôfmelde fia: lid@kritegrou.nl

Termyn fan bewarjen

Krite Grou bewarret jo gegevens salang't jo lid bliuwe fan de feriening.

Nei útskriuwing sille wy jo gegevens ferwiderje.

Jo kinne jo, as jo dat winskje, útskriuwe fia: lid@kritegrou.nl